


De skiednis fan Pile-pôle

Op het Eilân van Goëngahuizen in het uiterste noordwesten van Smallingerland, ligt een oud huisstee dat de Pile-pôle wordt genoemd. Het is een drassig stukje weiland van nauwelijks tweeduizend vierkante meter, geheel omringd door sloten en met langs de walkanten knoestige, verweerde wilgen. Er loopt nu een betonpad doorheen, dat de boerderij van De Roos ontsluit, maar vroeger was het een eilandje in het Goëngahuister eiland. De pôle dankt zijn naam aan Jan Pijl, die er met zijn vrouw Griet de Haan een even ongebonden als kinderrijk (ze hebben zestien nakomelingen gehad) huishouden voerde. Over dit bijzondere arbeidersgezin worden veel verhalen verteld. Ze zijn in bijgaand stuk bij elkaar gebracht en zo goed mogelijk naverteld.

Troch Rink van der Velde

NEI ALLE gedachten is it sa gien, dat Piter de Haan de earste west hat. Dat sil no wol hast tachtich-njoggentich jier lyn wêze. Piter wie potskipper en hy is farrende weis op dat stee, de lettere Pile-pôle, kommen. Der lei doe noch in feart troch it Eilân hinne, dy't begûn by de Goaijinge hûster sleat en útkaam op de Sitebuorster Ie. Op âlde kaarten is dy feart te sjen. It begjin, no de saneamde haven by de oerhaal, is der noch en rint oan de pleats fan Húsman ta. Yn it fjild is in sleat mei frij wat bochten werom te finen en dat moat dy âld feart west ha. It Eilân lei foar in part te sûp en te byt, der wienen wat lytse partikuliere polderkes, mar by heech wetter strûpte de boel der gauris ûnder.

Piter de Haan hat syn skipke op healwe de feart foar de wâl lein en is der bleaun. Doe't skipke minder waard, sette er it fêst, sadat it net sinke koe. Jan Pijl (Pyl) krige kunde oan Piter syn dochter Gryt. Jan kaam fan de Tike en hy wie keapman. Hy hie lapkes yn 'e hannel, mar dat hat him blykber net foldien, want letter wied er los arbeider. Om it praat hied er oars wol keapman bliuwe kind, want hy wie rêd mei de mûle, hy hie altiten sa mar in antwurd klear en hy hie fan dy aparte sechjes. Oer syn heit fertelde er gauris, dat dy op syn njoggentichste noch wiksele, jawis, doe krige dy man noch nije kiezzen.



Deze woning stond op wat vroeger de Pile-pôle werd genoemd die zijn naam dankte aan de familie Pijl. Begin 20^{ste} eeuw woonden Jan Pijl en zijn vrouw Grietje de Haan op een boot. Toen het vaartuig teveel ging lekken, werd hij op het droge getrokken en omgebouwd tot een woning, of eigenlijk een soort keet met aanbouwsels. Iets wat in die tijd meer gebeurde. Jan en Grietje kregen vijftien kinderen. Toen Jan in 1943 overleed nam zijn zoon Berend, Bearn in het Fries, de woning over. Hij was getrouwd met Sybrigje Tjeerdsma, zij kregen 6 kinderen. Bearn was molenaar op de Amerikaanse windmotor midden op It Eilân en schipper op de schoolboot naar De Veenhoop. Hij woonde nog een aantal jaren op de Pile-pôle, maar het bouwsel verslechterde en werd na de oorlog afgebroken.

● *Wetter*

Jan Pyl en Gryt wennen ek yn in foech skip, dat se letter droech setten. Doe wie it eins mear in keet mei in herntsje en in keammerke mei in pear bedsteden. Hoe't se der allegear yn sliepen koe, wit ik net. Under de bedsteden wie ek noch wat romte, dêr koenen grif wol in pear bern lizze. Der ha sechtjin bern west, mar mear as in stik as sân ha der tagelyk leau ik noait yn 'e hûs west. Der binne ek in pear jonge bern ferdrongen. It wie allegear wetter om de Pile-pôle hinne, dat it wie der nuoddlik foar lytse bern. Boppedat siet der aventoer yn dy mantsjes. De Pilen hienen bygelyks kano's. Ja, hoe't se der oan kamen, wit ik net, mar ik sjoch Bearn, dat wie ien fan de jonges, noch yn de kano. Bearn hie ek al in grammefoan, it ding stie foar yn de kano en hy spile in plaat ôf mei in stikje fan de foardrager Siger Stap: Wite wangen, swarte tosk en read hier, in roas fan in frommis. Soksa-wat moat it west ha.

Yn 'e keet fan de Pilen hinge in aparte gear, in typise lucht. Gryt wie sa skjûn as de brân, mar it wie fansels net altiten maklik om de boel sa te hâlden. Hjerstmis hellen se de barten op dy't oer de sleatten leinen en dy barten kamen dan yn it keammerke, omdat de flier fan de keet ûnder wetter stie. As de grutte jonges, dy't by de boer wienen, dan sneons mei de wask thús kamen, farden se mei de kano sa ta it herntsje yn. Like goed hienen se aliten in protte wille.

● *Pankoeken*

It koe ek in protte lije. Yn Boarn wie in jonkje nei skoaltiid net thús kommen. De jûns elkenien der achter oan fansels. Mar it lei al by de Pilen op bêd; ien fan dy jonkjes hie him mei nei hûs ta nommen en doe wied er de jûns mar bleaun. Dat koe dêr allegear. De bern fan de Pile-pôle gyngen yn Boarn nei skoalle. Se wienen tûk genôch en hienen grif wat wurde kind, mar se hienen gjin nocht oan learen. Ik leau dat de measten de helte fan de tiid net op skoalle kamen. As se al yn Boarn wienen, dan wie it om krintebroadsjes te rêden. Even by mem ta de knip en dan yn Boarn nei de bakker. Wat se net yn ien kear op koenen, dat kaam yn de grûn en hellen se letter op. Fan thús krigen se pankoeken mei nei skoalle, mar sy saaiden se ûnderweis fuort. Miskien krigen se thús wol te folle pankoeken. It wienen fansels oesters. Doe't âlde Piter noch yn syn eigen skipke wenne, moasten de bern him jûns in sean aai en in brochje bringe. Mar ûnderweis nei pake ta pluzen se al ris even oan it aai en pake krige almeast allinne

de djerre. Doe sei er tsjin syn dochter: as ik fan dy net in hiel aai ha mei, fret dan it giel ek mar op. En doe kaam de moard út fansels.

De Pilen koenen wol wat útfine. Ien fan harren hie in skipke makke fan in klompe en dêr in moter yn fan it âld wekker. Ik ha faak besocht sa'n skipke te meitsjen, mar mines woe net farre en dy fan de Pilen wol. En Kees hie in moai skipke dat skoan sile koe. Hy woe der in nijseiltsje en fok op ha en frege mem om in lapke. Mar hy krige neat, doe snipte er in himd fan mem fan de blikke en knipte der in seil en in fok út. Doe't oan 'e ein fan de oarloch elkenien op it Eilân yn it tsjuster siet, hienen de Pilen in wynmoter op it dak en wie it dêr allegear ljocht. Dat hienen se sels útfûn. Mar dy wynmoter skodde de âld keet sa wat út inoar, it begûn te lekken en se hienen oeral amers stean.

● *Vatikaan*

Jan wie in goede arbeider. Hy die sa't er sei „alle voorkomende werkzaamheden”, mar hy hat noait fêst arbeider west. Greppelje, hjekkelje, ûngetiidzje. Hy neamde ús heit noait boer. As er der moarns yn kaam, sei er: moarn b. Dêr sil er boer mei bedoeld ha. Us heit sei dan: moarn p. Heit neamde de Pile-pôle it Vatikaan en Jan Pyl wie de paus. It wie fansels altiten earmoed, benammen winterdeis. By ús yn it turfhoek siet in hinnegat en as Jan jûns nei de pôle gyng, stiek er even de hân troch dat hinnegat. Us mem sei: de turf mindert ek. Heit sei: dat sjoch ik. Mem sei: mar oan de ferkearde kant. Doe gyng heit der jûns even foar sitten. Doe't de hân troch it hinnegat kaam, pakte heit him stevich oan. Der is fierders noait oer praat. Jan krige dy winters in âld baarch, in bear. Dy wie sa âld, hy koe net iens skrabbe wurde. Mar Jan strûpte him en hy kaam de nachts yn it hok te hingjen. De oare moarns lei it hiele hok yn inoar, it hie de baarch net hâlde kind. En de baarch lei yn de turf. Mar se ha him fansels wol skjûn opiten. As der by de boeren op it Eilân slachte waard, krigen de Pilen gauris de bargekop. Jan krige him by ús mei yn sa'n moaie wyt-gimmeleaden amer. Hy sei de oare deis: dat wie my fannacht ek wat. Ien fan de bern moast der ôf en dy tocht, dat de amer de pot wie. Dat it like fan 'e moarn mar nuver mei de bargekop. Se sille de bargekop der wol om bepluze ha.

● *Húske*

It húske stie by de Pilen oer it hiem. It stie achter it houthok en in doar siet der net foar, dat hoegde ek net, want der

kaam dochs nimmen lâns. Jan syn sizzen wie altiten dat er even mei de brieven nei de bus moast. En wat, sil ik mar sizze, yn amtlike taal faecaliën neamd wurde, dat wie by Jan de afgang van de mens. Wy seagen as bern in spantsje en wy fregen Jan wat dy der dienen. Jan sei: Dêr wurdt in kat strûpt, bern. Hy koe net lêze en skriuwe en dochs hied er fan dy aparte sechjes: Adam ontwaakt, want Eva is tot u gekomen. Hy hat ek lang mei ien fan de fingerkes fan de bern omrûn. Dat hied er yn in lúsjeferdoaske en elk moast it sjen. It fingerke wie der ôfknypt. Op 't lêst wie it hielendal swart. Nuvere oanslaggen. Gryt wie op 't lêst goed dôf en raasde der oer. Mar it hoegde mar krekt te tongerjen, dan hearde se it al. Se wie benaud foar swier waar.

Mar rotten wie se net bang foar. Se hienen gauris lêst fan rotten, dat koe dêr fansels al min oars. Jan fertelde, dat er de jûns bôle klear makke hie mei sean kowejaar der op. Mar, sei er, no ha de rotten my fannacht de bôle der ûnder wei fretten. En Gryt hie op in stuit in rot yn de nachtjaks mouwe, mar se knipte him yn de mouwe dea.

Sechtjin bern ha Gryt en Jan hân en Jan wie der altiten grutsk op, dat er se allegear sels helle hie en dat der ek neitiid noait in dokter op 'e pôle west hie. Se seinen tsjin Jan: safolle bern Jan, dat is dochs wat, kin it net wat oars? Jan sei: dat kin net oars, it is in arbeider syn spek en brea.

Jan is om 1943 hinne ferstoarn, syn frou wie al earder weirekke. Ien fan de âldste bern hat it noch in skoft op de Pile-pôle besocht, mar de âld keet waard op 't lêst te min. In pear jier nei de oarloch is de boel ôfbrutsen. Sûnt is de Pile-pôle in stikje sompige greide.

